

FNP-fraksje
Mefrou C. de Jong

Ljouwert, 21 juny 2016
Ferstjoerd, **22 JUNI 2016**

Ús merkteken : 01323332
Ôfdieling : Kultuer & Mienskip
Opsteld troch : M. Plantinga / (058) 292 59 60 of m.plantinga@fryslan.frl
Jo merkteken : -
Taheakke(n) : -

Ûnderwerp : beântwurdig skriftlike fragen oer gefolgen fusy en opskaling foar taalbelied skoallen en pjutteboartersplakken

Achte mefrou de Jong,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 6 juny 2016, beântwurdzje wy as folgt.

Ynliding

Okkerdeis wie yn it nijs dat berneopfangbedriuw SISA fallyt is en oernommen wurdt troch in Grinzer organisaasje. Fierder binne slutingen fan lytse skoallen, skoalfúzjes en skaalfergrutting oan de oarder fan de dei.

De Provinsje fiert in eigen belied op it Frysk foar de bern fan pjutteboartersplak oant universiteit en makket ôfspraken mei de ûnderwiisinstellingen oer meartaligens, ta útfiering fan sawol autonoom belied as wetlike taken foar it Frysk.

Dit is in ûnderdiel fan de kearntaak fan dizze provinsje op it mêd fan Fryske taal, kultuer en ûnderwiis, en fan it Koalysjeakkoart.

Fraach 1:

Binne jo op de hichte fan de gong fan saken mei de pjutteboartersplakken fan SISA? Hat de feroaring yn dy organisaasje gefolgen foar meartaligens en Frysk op de Fryske lokaasjes? Graach jo útlis by dit punt

Antwurd fraach 1:

Ja wy binne op de hichte. De gefolgen foar meartaligens en Frysk op de Fryske lokaasjes binne noch net dúdlik yn byld. Troch it fallisemint sille guon lokaasjes de doarren slute moatte. It giet om 3 sertifisearre lokaasjes dy't al sletten binne. Fan 7 sertifisearre lokaasjes is de takomst noch ûnwis. Dy binne oernommen troch Kids First COP Groep per 1 juny. De útfieringsorganisaasje foar dit ûnderwerp, Stifting Frysktalige Berne-opfang (SFBO), sil de petearen mei Kids First oppakke. De earste sinjalen binne posityf. Kids First hat earder ek de lokaasjes fan Catalpa yn Ljouwert oernommen, en hat it op de twa- of meartalige ûntwikkeling rjochte taalbelied op dy lokaasjes yn stân hâlden.

Fraach 2:

Hokker gefolgen hat sluting fan guon skoallen en pjutteplakken, fúzje en skaalfergrutting, somtiden mei as gefolch dat de sintrale direksje bûten Fryslân komt, foar de útfiering fan it belied ten oansjen fan meartaligens en Frysk? Binne der ek foarbylden fan goede gearwurking mei direksjes bûten Fryslân? Wat is jo fisy op dizze problematyk?

Antwurd fraach 2:

In moai foarbyld fan goede gearwurking mei direksjes fan bûten Fryslân is Catalpa, mei it haadkantoar yn Hengelo. Dy hienen de alderearste twatalige bernedeiferbliuwen yn Fryslân. Dy lokaasjes hawwe it twatalich belied altyd op in heech nivo útfierd, en hawwe in pioniersfunksje hân as it giet om it jaan fan in struktureel plak oan it Frysk yn de berne-opfang. In sintrale direksje bûten Fryslân hoecht dus gjin beheining te wêzen foar de útfiering fan it belied as it giet om meartaligens en Frysk.

As it giet om fúzjes, binne organisaasjes drok besteld mei praktyske saken lykas persoanlik, finânsjes en ggd-ynspeksjes. De romte foar it ynfieren fan in op de twa- of meartalige ûntwikkeling rjochte taalbelied is dan tydlik wat beheinder; letter yn it proses is der foldwaande gelegenheid om taalbelied wer ûnder de oandacht te bringen.

Steand belied is dat fúzjes en slutingen fan lokaasjes foar berneopfang, pjutteplakken, en basisskoallen benammen as gefolch fan krimp, binne in realiteit dêr't wy op ynspylje moatte. Wy stimulearje yn datsoarte gefallen de fuortsetting en boarging fan it meartalige belied binnen de nije organisaasjeform. Fúzjes en skaalfergrutting is yn ús fisy ek in kâns. As wy deryn slagje it meartalige profyl oerein te hâlden, is de meartalige skoalle grutter, berikt mear bern en is minder kwetsber en dêrmei takomstbestindiger as in lytse skoalle.

Fraach 3:

Jo hawwe oan PS rapportearre dat de groei fan it tal meartalige pjutteboartersplakken en skoallen der wat út giet, foar in part as gefolch fan de slutingen, fúzjes en skaalfergruttingen yn it ûnderwiis. Hoe antisipearret it Kolleezje mei de amtlike organisaasje op dizze ûntwikkeling? Wat moat der feroarje om te soargjen dat ús doelen mei meartaligens en ûnderwiis ek yn de takomst helle wurde?

Antwurd fraach 3:

Mear as 50% fan it totale tal lokaasjes foar berne-opfang en pjutteboartersplakken is sertifisearre as in Fryske of twatalige lokaasje. By de oare 50% sitte in soad lokaasjes dêr't de stap om in Frysk- of twatalich belied te ymplementearjen noch relatyf grut is. Dochs is der noch altyd sprake fan groei: Foar de kommende jierren rûzje wy de groei op sa'n 10 lokaasjes jiers. Sjoen de dynamyk fan de merke is dy 10 in realistysk oantal.

It netwurk fan trijetalige skoallen groeit ek noch altyd, nettsjinsteande fúzjes en slutingen fan skoallen. Fierder sette wy ús yn om yn it gefal fan fúzje it meartalich belied te kontinearjen. Hjirroer ha wy geregeld oerlis mei de ûnderwiiskoepels.

It netwurk fan Meartalich Fuortset Underwiis bestiet noch net sa lang (fiif jier tsjinoer hast twintich jier fan de trijetalige basisskoallen) en moat no foaral de kans krije om de kommende beliedsperiode fierder út te bouwen, sawol ynhâldlik as kwa oantal.

As it giet om wat der feroare wurde moat om ús doelen ek yn de takomst heljen te bliuwen, dan giet it om in ferskowing fan fokus: fokus op de nije gearwurkingsfoarmen tusken skoallen, nije fúzjeskoallen sawol foar basisûnderwiis as yn it foarskoalsk ûnderwiis en de pjutteboartersplakken. Us amtlike en bestjoerlike ynset moat der dan op rjochte wêze dat dy nije organisaasjes it meartalige model oernimme en fierder útbouwe. Dêrfoar moatte wy yn petear (bliuwe) mei de skoalbestjoerders. Fierder is it, wat de groeisifers oanbelanget, goed om ús te rjochtsjen op it oantal bern dat berikt wurdt en net op it oantal skoallen. Yn dat gefal binne fúzjes ek in kâns en net per sé in bedriging omdat de skoalle mear bern berikt wurde. Boppedat hawwe gruttere skoallen mear massa en dat makket it meartalige model minder kwetsber.

Fraach 4:

Hokker konkrete maatregels hawwe jo foar de koarte en de langere termyn foar eagen, om de groei te herstellen? Is it bygelyks nedich om ekstra amtlike kapasiteit yn te setten? Moat de begeliedingsstruktuer hjir ek op oanpast wurde? Binne der dúdlike ferskillen tusken de organisaasjes fan koepels foar pjutteboartersplakken, de basisskoallen (koepels) en de middelbere skoallen op dit mêd, en wat dogge jo dêr dan mei?

Antwurd fraach 4:

Der is noch altyd sprake fan groei. De groeikurve flakt wat ôf, mar giet noch altyd omheech. Sjoen nei de langere termyn is foaral de ynfloed fan krimp grut. Fia de troch it Ryk beneamde krimpkoördinatoaren dy't it proses fan krimp begeliede, besykje wy it ûnderwerp meartaligens op de agenda te krijen en te hâlden. De ûntwikkeling dy't wy no sjogge is dat bredere ûnderwiisfoarsjennings opset wurde wêrby't berne-opfang, basisskoalle en skoalle foar fuortset ûnderwiis gearwurkje. Dat jout in kâns om in trochgeande learline meartaligens op te setten. Yn dy sin is krimp net allinne in bedriging, mar jout it ek kânsen om nije foarmen fan gearwurking te fasilitearjen. It bliuwt fansels sa dat skoallen autonoom binne yn harren belied en dus ek as it giet om de kar foar meartalich ûnderwiis.

De begeliedingsstruktuer is yn hannen fan de útfieringsorganisaasjes SFBO en Cedin, yn geregeld oerlis mei de amtlike tsjinst wurde dizze ûntwikkelingen besprutsen en wurdt besjoen hoe't de begelieding oanpast wurde kin oan de aktuele situaasje.

Fraach 5:

Binne jo it mei ús iens dat ús bern it fertsjinje om op te groeien mei de plus en de rykdom fan meartaligens? En dat it mei it each op groei yn de takomst dêrom miskien better wêze soe om net langer it tal skoallen (lês: koepelbestjoeren en festigingen) mar it tal berikte bern en harren ûntwikkeling as sintraal kritearium foar sukses te hantearjen? Soe it neffens jo ek goed wêze dat der ekstra belied / omtinken foar meartalige ûntwikkeling yn de stêden komt?

Antwurd fraach 5:

Ja, dat binne wy mei jo iens, sawol wat de rykdom fan meartaligens oanbelanget as it kritearium foar sukses. Wat jo lêste fraach oanbelanget: dat omtinken foar de meartalige ûntwikkeling yn de stêden is der al. It SFBO en Cedin hawwe each foar de spesifike stedske situaasje en wurkje goed mei elkoar gear. Cedin hat yn oerlis mei ús ferskillende farianten fan trijetalich ûnderwiis ûntwikkele, sadat stedsskoallen foar in fariant kieze kinne dy't it bêste by de taalachtergrûn fan har learlingepopulaasje past.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



J.A. Jorritsma, foarsitter



A.J. van den Berg, sekretaris